



Wat in feest!

TYPE AKTIVITEIT

Foarlêsaaktiviteit

TEMA

Leafde, feest en feestdagen, sjonge en spylje, it libben rûn

OANTAL DIELNIMMERS

10+

DOER

45 minuten

PERIOADE

1940–1969

SLÛT OAN BY

De Gouden Swipe, A. Brouwer; roman en dvd

Styfmem ierde, T. de Vries; roman (by de bibleteek of fia boekwinkeltjes.nl)

Feest, út de rige Dat wie doe sa
Alde Leafde, leafdesbrieven 1940–1975



Styfmem ierde fertelt it ferhaal fan 'e Fryske boerefamylje Wiarda, dy't oan 'e ein fan 'e njoggentjinde ieu syn wei fine moat yn feroarjende tiden. Styfmem Ierde waard foar it earst útjûn yn 1936 en wie daliks in bestseller.

Eartiids waard der meastal troude as in stel byelkoar wenje woe. Gewoante wie dat de breid op de troudei fanút it âlderlik hûs ophelle waard troch de brêgeman (bruidegom). De earste gong wie dan nei it gemeentehûs, dêr't in amtner fan de boargerlike stân it pear foar de wet troude. Letter op de dei wie der faak in troutsjinst yn tsjerke, en de brulloft waard yn 'e regel op de jûns hâlden.

Wat in feest!

ferhaal

It is noch betiid op 'e jûn as de earste gasten de moai fersierde brulloftsseal achter tsjerke binnen rinne. It breidspear stiet al klear om alle felisitaasjes, slúfkes en kado's yn ûntfangst te nimmen. Al ridlik gau binne de tafels foaroan yn de seal beset. Dêrwei ha je nammentlik moai it sicht op it breidspear en it toaniel. Mar it duorret net lang of de rest fan 'e seal is ek fol, wat in minsken binne der! De jurk fan de breid wurdt fansels wiidweidich besprutsen en de earste rokerkes wurde út de glêzen pakt. De koster en syn frou bringe elkenien kofje of tee en in stik oranjekoeke. De stimming sit der al aardich yn as omke Bauke, in omke fan de breid, it toaniel opklimt en út namme fan it breidspear de oanwêzigen fan herten wolkom hjit: mei in taspraak op rym noch wol! As hy it poadium ôf is, set it ynhierde bandsje útein mei fleurige muzyk. Undertusken wurdt op it toaniel risselwaasje makke troch de broers en susters fan it breidspear,

dy sille in stikje dwaan. De broers rôlje in lape behangpapier út. 'Sniselbank!' roppe in pear út de seal wei. Mei help fan de tekeningen op de achterkant fan 'e rôle wurdt de libbensrin fan it stel even fyntsjes út 'e doeken dien. Foaral de breid moat it ûntjilde; de kleuren geane har op en ôf, wylst de gasten har de bûsen útskuorre fan it laitsjen. It bandsje set in nij nûmer yn, oant wer ien in stikje dwaan wol.

De hiele jûn wurdt der omraak praten, spile, lake, songen en dûnse. De betsjinning rint ôf en oan troch de seal, dêr't it al blau stiet fan de reek, mei drankjes en hapkes. Sa fleane de oeren foarby. Tsjin alven begjinne de earsten oanstalten te meitsjen om fuort te gean, moarn moatte se der wer betiid ôf. As alle gasten einlings de doar út binne en ek it breidspear mei de neiste famylje it gebou ferlitten hat, makket de koster de hele seal wer kreas yn oarder. Ek hy is in tefreden man. Wat in feest!

*Moarn sille wy de hjouwer slaan
evt. yn kanon te sjongen*

*Moarn sille wy de hjouwer slaan
Moarn de skeaven bine
Wêr is no myn leafste faam
Wêr moat ik har fine
Justerjûne seach ik har
Under de âlde line
En doe tocht ik:
Wachtsje mar,
Ik sil dy wol fine.*



Wat in feest!

DOEL FAN DIZZE AKTIVITEIT IS

- Lústerje nei in ferhaal
- Oantinkens ophelje
- Utdrukkings, siswizen beprate

TARIEDING

Lês it ferhaal fan te foaren troch en printsje it eventueel foar elkenien.

WAT JO NEDICH HAWWE

- Kopyen fan it wurkblêd 'Wat in feest!', sadat de dielnimmers it ferhaal meikrije kinne.'

Opdracht

Oantinkens oan in brulloftsfeest

Troch de leafde (op papier) te beskriuwen, komme oantinkens sterker nei boppe. Dat wurdt noch ris fersterke troch it mei elkoar te bepraten.

Aktiviteit

1. Begjin dizze aktiviteit mei it foarlêzen fan it ferhaal.
2. Oan 'e hân fan ûndersteande fragen kinne jim it ferhaal beprate.
 - watfoar minsken waarden útnoadige op it feest?
 - watfoar klean droegen breid en brêgeman en wêr kamen dy klean wei?
 - trouwen koste grou jild; wa betelle oan it feest mei?
 - ha jo it wolris meimakke dat it breidspear fan tefoaren in kadolist rûngean liet?
 - watfoar kado's krige it breidspear meastal?
 - wat waard der yn 'e regel iten en dronken op in brulloft?
3. Kenne de dielnimmers de neikommende útdrukkings?
 - boaskje (*útlis*) trouwe; 'boask' betsjut 'houlik'
 - de lapen gearsmite trouwe
 - oer de putheak trouw wêze net offisjeel trouw wêze
 - trouwe mei 'de handschoen' in houlikssluting wêrby't ien fan de partners net oanwêzich wêze kin en ferfongen wurdt troch immen dy't folmachtige is
 - yn 'e lange hier gean trouwe; it trouwen wurdt hjir fergelike mei in tsjinstbetrekking troch in houliksadvertinsje oan 'e man of frou slagje
 - op 'e krante trouwe



De roman **De Gouden Swipe** is ien fan de meast lêzen Fryske boeken en waard ferfilme troch Steven de Jong.

Brulloften

- *In griene of strieëne brulloft (it feest by it sluten fan it houlik)*
- *De katoenen of talhouten brulloft (1 jier)*
- *De papieren brulloft (2 jier)*
- *De learen brulloft (3 jier)*
- *De houten brulloft (4 jier)*
- *De blikken brulloft (6¼ jier)*
- *De wollen brulloft (7 jier)*
- *De tinnen brulloft (10 jier)*
- *De siden brulloft (12 jier)*
- *De koperen brulloft (12½ jier)*
- *De porsleinen brulloft (15 jier)*
- *De kristallen brulloft (20 jier)*
- *De sulveren brulloft (25 jier)*
- *De pearelen brulloft (30 jier)*
- *De robinen brulloft (40 jier)*
- *De gouden brulloft (50 jier)*
- *De diamanten brulloft (60 jier)*